

Jierferslach 2017 fan it Bestjoer fan de Freonen fan Tresoar.

1. De gearkomsten

Yn 2017 hat it bestjoer seis kear byinoar west: 31 jannewaris, 7 maart, 11 april (+ jiergearkomste), 13 juny, 12 septimber en 28 novimber (+ Hjerstlêzing).

- Alle kearen wie Bert Looper bywêzich by (in part fan) de gearkomsten en brocht it bestjoer sa op de hichte fan de gong fan saken binnen Tresoar, mei de klam op de ûntjouwings rjochting Kulturele Haadstêd (Lân fan Taal).
- Yn de gearkomste fan jannewaris hat it bestjoer nei oanlieding fan in powerpointpresintaasje fan Mattie Boekema praat oer de takomst fan de Freonen fan Tresoar. Hoe kin de winske ferjonging en fernijing stâl krije?
- Yn de gearkomste fan maart is fierder praat oer de takomst fan de Freonen. De ideeën, fuortkommen út de presintaasje yn jannewaris en út it wurkgroepke, wurde besprutsen. It doel is om de tradisjonele jiergearkomste yn de maitiid te ferfangen troch in freonemiddei mei in karút oan aktiviteiten. Om't net alle bestjoersleden bywêzich binne, wurdt besletten om yn de gearkomste fan april hjiroer in beslút te nimmen.
- Yn de gearkomste fan 11 april wurdt besletten hokker 'presint' de Freonen dit jier oan Tresoar jaan sille. Der wurdt besletten in finansjele ynjesje oan twa nije útstallings te jaan, nammentlik oan de útstalling oer Troelstra en oan de útstalling yn de klûs, oer it Aldfrysk. It bestjoer is fan betinken dat de beslútfoarming oangeande de takomst fan de Freonen opskood wurde moat nei de ekstra gearkomste yn juny.
- Op 13 juny stiet der mar ien agindapunt op de wurklist: Takomst fan de Freonen. It bestjoer rjochtet har op ferjonging fan it Freonebestân en tinkt dêrby oan de leeftydskategory 35 oant 40 jier. Wat kommunikaasjekanalen oanbelanget slute de Freonen oan by Tresoar. De Letterhoeke bliuwt bestean. Der moat in nije folder komme en it idee fan de kadobon (foar nije freonen) moat útwurke wurde. It bestjoer beslút tenei ien lêzing yn it jier te organisearjen en de twadde aktiviteit oars yn te foljen. Der wurdt in wurkgroepke formearre om benammen de twadde aktiviteit fierder út te wurkjen. De wurkgroep bestiet út: Theo Delfstra, Meindert Reitsma en Janna de Jong. Hilda sil harren stypje.
- Yn de septimber gearkomste komme de rinnende bestjoerssaken oan de oarder. It Fellowship komt ek foarby. Der binne noch net in soad oanmeldings ynkaam.
- Ut it ferslach fan de gearkomste fan 28 novimber docht bliken dat der sân oanmeldings ynkaam binne foar it Fellowship en dat de kommisje (besteande út Hanneke Hoekstra, Siem van der Woude en Yme Kuiper) útstelt it Fellowship te gunnen oan Milo van der Pol. De bestjoersleden fan de Freonen jouwe harren goedkarring oan dizze kar.

2. Jiergearkomste en Hjerstlêzing.

Op de jiergearkomste fan 11 april kin foarsitter Jannie van der Kloet in moai folle seal mei Freonen en oare belangstellenden wolkom hjitte. De lêzing fan ús Fellow Margriet Fokkens oer de Fryske belutsenheid by de slavernij is tige nijsgjirrich. De parse hat ek omtinken foar dizze ynlieding. De muzyk fan Basil Maneke falt goed yn 'e smaak. It ynlaske praatsje fan Siem van der Woude oer syn reis nei de slaveforten fan Ghana is in moaie oanfolling.

De hjerstlêzing op 28 novimber lûkt ek moai wat besikers. De hear Hulshof is op 'e tekst oer

It ûnderwerp fan syn boek: *Boargemasters yn oarlochstiid*, taspitst op boargemaster Johannes Rypstra (syn pake, en de heit fan ús earder kommissaris fan de Keninginne Hedzer Rypstra). Fannijs is der omtinken foar dizze lêzing yn de parse.

3. De Letterhoeke

Yn 2017 kamen der twa reguliere nûmers fan de Letterhoeke út . It slagge net om it tredde nûmer (in temanûmer yn it ramt fan Kulturele Haadstêd) noch foar de jierwiksel út te bringen. Yn stee dêrfan krigen de Freonen in Nijjerswinsk tastjoerd.

4. Fellowship

Der kamen totaal sân foarstellen binnen foar in Fellowship. De kar foel op Milo van der Pol, dy't syn ûndersyk de titel 'Een bliksemcarrière In Friesland, de werkwijze van Philip Ernst Vegelin van Claerbergen in de jaren 1641-1652.' It oanbelanget in op primêre boarnen basearre histoarysk ûndersyk dat likegoed op biografysk as op regionaal en nasjonaal nivo útwurke wurdt.

5. Takomst fan de Freonen

De takomst fan de Freonen wie yn 2017 gauris ûnderdiel fan de wurklist. Nei in brainstoarm yn jannewaris mei mefr. Mattie Boekema waarden in tal ideeën foar fernijing en ferjonging fan de freonen fierder útwurke. In wurkgroepke fan bestjoersleden gong oan 'e slach om ien en oar fierder út te wurkjen. Wichtichste útkomst is dat yn stee fan twa lêzings yn it jier, der tenei ien lêzing hâlden wurde sil (de Hjerstlêzing) en yn 'e maitiid in oare aktiviteit, dy't dan ek benammen rjochte wêze sil op it oanboarjen fan in nij publyk!. Yn 'e rin fan 2017 binne der yn it wurkgroepke plannen makke foar sa'n twadde aktiviteit.

Ljouwert, juny 2018